



DOARPSNIJS

Nûmer 407

maaie 2017

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Piet Rienstra (secr)	Omrin 2	571866
secretariaatdb@nijemirdum.nl		
Hedwig Beukens	De Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Jelte Draijer	Omrin 9	571484

E-mailadres buertplysje: dirk.hebing@friesland.politie.nl of www.politie.nl

Kontaktpersoan gemeente: r.zijlstra@fryskemarren.nl of

tel. 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

FERHÚZE

Frea Beuckens van Heaburgen 22 nei Warkum.

VERHUIZING

Na bijna 19 jaar op De Hege Bouwen gewoond te hebben, gaan wij op 2 juni verhuizen. We wilden wat kleiner; met minder onderhoud en toekomst gericht, maar wel in het mooie Gaasterland.

We hebben onze nieuwe woning aan de Liemdobben in Oudemirdum gevonden en hopen daar nog lang te mogen wonen.

Groet, *Jan en Irene Wevers*

NIJEMIRDUM BEDANKT!

Hier even een bericht van Wiep Bosma, bewoonster van de Lyklamawei nr. 4.

Ik wil jullie hierbij laten weten dat ik per 1 april ben verhuisd naar de Woonvorm van De Noorderbrug in Sneek, waar 24-uurs zorg aanwezig is. Het voldoet mij hier prima, maar ik mis de bedrijvigheid van de B & B wel.

Ik heb echter het volste vertrouwen in de nieuwe bewoners Klaas en Jellie, dat zij mijn bedrijf goed zullen voortzetten. Ik heb 28 jaar met veel plezier in Nijemirdum gewoond, maar het kon niet langer zo. Het is zoals het is.

Mijn nieuwe adres is: Tjalkstraat 49.

Wie langs wil komen is altijd welkom, maar bel even van te voren: 06-19204318.

Met vriendelijke groet,

Wiep Bosma



VERHUISBERICHT

Bedankt voor de fijne tijd die we mochten verblijven op Nij-Amerika. Ik ga verhuizen per 1 juni naar Tjalke van der Walstraat 2 in Koudum. Tevens bedank ik voor alle lidmaatschappen. Wie langs wil komen is van harte welkom.

Vriendelijke groeten, *Trijntje Duhoux*

BESTE DORPSGENOTEN VAN HET PRACHTIGE NIJEMIRDUM,

We hebben geen afscheid genomen maar zeggen 'tot over twee jaar'! Op 9 mei zijn wij vertrokken naar Montgomery, Alabama in de Verenigde Staten waar Joël twee opleidingen gaat volgen aan de Air University van de United States Air Force. Wij hebben er allemaal erg naar uitgekeken, hoewel het natuurlijk nooit leuk is om je familie en vrienden zo lang niet te zien. We maken er een mooi avontuur van! Benjamin, Jonah en Anje-Linn gaan daar naar St James School. Dat zal wel een wennen worden. Het is een heel andere school dan onze eigen Stapstien, met meer dan 1000 leerlingen (www.stjweb.org). Joke heeft nog geen concrete plannen maar wil waarschijnlijk een cursus fotografie gaan volgen. Daarnaast zal ze met hulp van de Wereldschool de kinderen Nederlands geven. Dat moeten ze natuurlijk wel bijhouden voor wanneer we terug komen. Want dat komen we! Over twee jaar komen we terug naar huis, terug naar Gaasterland en Nijemardum, ús thús. Het ga jullie allen goed in de tussentijd en oant sjen!

Joël, Joke, Benjamin, Jonah en
Anje-Linn
8650 Lenox Way
Montgomery, AL, 36116
United States of America
joelenjoke@me.com



NIJE YNWENNERS

Frans Pieter Deinum en Baukje Swart op
Wissebuurt 11.



30 KM ZONE

Al enige tijd hebben we o.a. in de Omrin een 30 KM zone. Ik wil graag vragen om daar meer op te letten, aangezien er nog te hard gereden wordt. Het gaat tenslotte om de veiligheid van de KINDEREN.

Met vriendelijke groet, *Ko van Hal*

GEZOCHT

Tuinvrouw of tuinman
Wissebuurt 15. Telefoon: 0514-571953.



MINIBIEP


Boeken lezen?? De nieuwe minibiep staat tegenover school!!!!
Dit kastje hopen we te vullen met boeken uit het dorp en omgeving.
Iedereen kan boeken komen halen of boeken brengen. Je mag ook alleen boeken halen.

Vol is vol, we nemen geen boeken op voorraad.

Voor vragen, bel even met Mieke Koot 06 54238830

IT HIMD FAN IT GAT

It docht mij deugd dat ik wer in ynwenner fan Nijemardum ynterviewe mei foar ús Doarpsnijs. It leveret hast altyd moaie petearen op. Somtiden krije wy sa wat sicht op it libben fan ús “nije” doarpsgenoaten. Wy neamme harren “ymport”. Dat jildt net foar Carel Draaijer dêr’t ik hjoed mei prate sil oer syn libben. Neffens my hat hy altyd yn Nijemardum wenne. Earst op Heaburgen 34



dêr’t syn broer Jurjen en Anneke buorkje. Doe’t de tiid ryp wie socht hy in (Feikje)famke út it mânske nêst fan Jelle Rienstra en boude in hûs yn ‘e Wissebuurt, te midden fan in stel piken dy’t yn datselde nêst útbret wienen. As ik op nûmer 3 oanbelje sil, wurdt der al op in rútsje tikke. Sa fan: ik ha dy al sjoen Annie en ik kom der oan hear! Carel sil earst in lekker bakje tee foar ús sette en wylst besjoch ik de foto’s fan de bern dy’t hjir en dêr yn ‘e keamer hingje: Trientsje, Klaske, Anne en Jeltsje mei partners en jawis, Carel is ek al Pake. Yn ‘e keamer stiet in prachtich bouwurk fan Lego op ‘e grûn en wylst wy de grutte serre dy’t achter oan it hûs boud is bewûnderje, hearre wy boppe leven. “Ien fan ús Trientsje is hjir útfanhûs Annie. Ik moat der mar efkes hinne”. Ik hear gjin warskôgings of protesten.... dizze Pake hat de sitewaasje goed yn ‘e macht. Wy jouwe ús noflik del by de grutte tafel. Myn earste fraach giet oer syn foarnamme.

Do hjitst Carl Ernst Hugo. Wêr komt dy bysûndere namme wei?

Ik bin neamd nei ús mem har heit: **Carl Ernst Hugo van der Wal**, troud mei Froukje Roelevink. Sy buorken yn Nijegea H.O. Ik ha wol in boekje oer de skiednis fan dy famylje. Deryn wurdt melding makke fan de berte fan **Carl Ernst Hugo Siegert** op 2 april 1839. Syn heit wie moolnersfeint yn Berlyn, mar fanwege de revolúsje binne sy út Dútslân wei nei ús lân flechten. Yn 1849 kocht hy de mole “het Lam” yn Wâldsein. Op 6 desimber 1861 troude **Carl Ernst Hugo** mei in bakkersdochter: Antsje Foekes Gorter en naam hy de mole oer fan syn heit. Der waarden 18 bern yn “het Lam” berne! Ien fan dy bern wie **Henriëtte**. Sy libbe

fan 7 septembar 1871 oant 15 april 1955 en hat trouw west mei Roel Doede **van der Wal**.(In suster fan Carel syn mem hjitte ek Henriëtte).

Wannear bisto berne?

Op 26 novimber 1953 as twadde soan fan Anne Draaijer en Klaske van der Wal. Us Johannes wie de âldste en nei my kamen Froukje, Jurjen, Wieger, Ypie en Anne Jr.

Watfoar oplieding hasto dien?

Nei de legere skoalle ha ik nei de L.T.S. yn Lemmer west en ik ha noch 2 jier lang ien dei yn 'e wike nei skoalle west om it timmervak goed te learen.

Do woest gjin boer wurde?

Nee, timmerman like my folle moaier ta en dat bin ik ek wurden.

En dat hast ek lang west....

Op myn fyftjinde bin ik by Egge van der Veer yn Sondel oan it wurk gien. Dat is yn dizze tiid net mear foar te stellen. Yn it begjin koe ik gjin folle kroade huffe, want dan gyng dy oerside. Dan mar wat faker ride. It kerwei kaam wol klear.

Fansels waard ik tuskentiden ek opropen om de wapenrok te dragen. Earst nei Vught en letter noch oardel jier yn Ermelo. Ik ha sa'n 44 jier oan 'e slach west by trije generaasjes Van der Veer. Mei de krisis yn 'e bou kaam der in ein oan myn karriêre by harren. Dernei ha ik 3 jier yn 'e WW sitten. Dat wie net maklik, mar no genietsje ik fan in betider pinsjoen.

Wat fynst moai om te dwaan?

De natuer beskermje. As bern gyng ik mei ús heit it fjild yn te aaisykjen. Ik bin lid en no ek noch foarsitter fan de Fûgelwacht en hâld de stân fan ferskate fûgels achter de Leien yn 'e gaten. De nêsten wurde beskerme en alles komt op papier. It bûn hâldt alles by, mar alles kin net trochlibje. De jongen krije troch bewurking fan it lân en troch predaasje hast gjin kâns mear om grut te wurden. Ik ha dêr wol soargen om. De nocht oan it reedriden ha'k ek wol fan thús út meikrigen.

It reedriden wie net samar in hobby wol?

Nee, it riden wie myn passy. Winterdeis wie ik mei myn buorjonge Harm Bosma in soad op it iis te finen en doe't wy de kâns krigen waarden wy lid fan "de Preamkeskowers". In soad reedriders traiden simmerdeis ûnder lieding fan Klaas Visser yn 'e bosk fan Riis en doe't Thialf de doarren iepene gyngen wy alle wiken wol nei 't Hearrenfean. It reedriden kaam as topsport ek yn Fryslân fan 'e grûn.

In echte topsporter moat in soad dwaan, mar ek in soad litte. Koesto dat?



Ik hie der alles foaroer om in goede rider te wurden en hie it gelok dat ús heit en mem dat ek seagen en der ek alles oan dwaan woenen om my te stypjen.

Der wie yn dy tiid noch gjin sprake fan sponsors. Hoe wie dat?

Ik wie al jong oan it wurk en betelle sels it lidmaatskip fan de Preamkeskowers en de lisbaan en it materiaal, sa as klean en redens. It slypjen dyngen wy sels ek. Och man, wat wie it in dreech kerwei om de goede rûning deryn te krijen.

De pakken en de redens waarden ek hieltyd ferbettere...

De aerodynamyske pakken waarden al gau yntrodusearre en de “klapschaats” kaam ein njoggentiger jierren op ‘e merk. Dat wie ek in grutte ferbettering.

Do skaftest soks ek daliks oan?

Dat woe ik wol mar de “klapschaats”wie yn it begjin hast net te krijen.

Kinsto in hichtepunt út dyn reedriderskariêre neamme?

Carel rint nei in fitrine dy’t fol mei bekers en medaljes hinget.” Sjoch, dizze plakette ha ik yn jannewaris 1974 yn Cortina d’Ampezzo yn Itaalje wûn. “ Ik bewûnderje it oantinken oan de Wrâldkampioenskippen foar junioren dy’t doe foar de earste kear holden waarden. Carel waard dêr sânde.

Dat wie in geweldige prestaasje.

Ja, mar tagelyk wie it ek in frjemde en ûnwezenlike tiid, want in pear wiken earder wie ús Jehannes ferûngelokke. Us húshâlding wie doe fansels hielendal fan ‘e kaart en ús bestean lei yn flarden...

Do koest it dochs opbringe om dy ta te rieden op dat toernoai?

Nei dy klap moasten wy, hoe dan ek, de tried fan it libben dochs wer oppakke en de kâns om mei te dwaan oan dat kampioenskip kriich ik net wer....

Do hast lykas in soad reedriders ek hiel aktyf yn de hurdfytserij meidien.

Ik ha oant myn 50^{ste} jier reedriden en ek 4 kear de âlvestêdetocht , yn 1997 yn wedstrydferbân. It fytsen ha ik noch wat langer folholden.

Hûnderten bekers en medaljes binne dêr tsjûge fan en sjoch ik te pronk stean.

Hasto ek in soart blessuereleed ûnderfûn?

Falpartijen barden wol; yn 1979 ha ik in slim ûngelok mei de fyts hân en doe ha ik wol 5 jier út ‘e rûlaasje west. Gelokkich bin ik letter wer hielendal de âlde wurden. De echte sportprestaasjes kin ik no net mear leverje, omdat myn hert dat net mear oankin. Ik ha in saneamd “sporthert” en krij der medikaasje foar.

Fâlt it dy net swier om dy “ yn te hâlden”?

Ik ha “de knop” om it uterste te jaan omsette moatten, want oars giet myn hert op ‘e rin. Gelokkich is der tsjintwurdich goede kontrôle en medikaasje. Der fâlt goed mei te libjen.

Hokke t.v. programma's hâldsto fan?

Ik sit net faak foar de buis, mar ik sjoch wol nei it journaal en de sport. Ik folgje it fuotbaljen net, mar autosport mei Verstappen fyn ik wol moai.

Hâldsto ek fan muzyk en lêzen?

Ik fyn rockmuzyk moai en Céline Dion ek wol, mar ik lês noait in boek.

Och Carel.. en ús "edele" Doarpsnijs dan?

Dat lês ik wol efkes troch.

Wat fynst fan it doarpsfeest?

Ik wurd hast altyd wol frege om wat te timmerjen en ik doch wol oan de spultsjes mei.

Geane jimme ek mei fakânsje?

Wy kampeare alle jierren yn Nederlân. Hast altyd mei Sjoukje en Riny. Ferline jier ha wy it Pieterpad fytst. Dat rint fanôf de St. Pietersberg oan 'e Belgyske grins oant Pieterburen yn Grinslân. Fierders gong ik jierrenlang mei Wypke Bruinsma in wike nei Súd Frankryk te fytzen. Dat fûn ik altyd prachtich!

Soe it Frysk noch lang bestean?

Us taal is te moai om gean te litten. (wat moaie wurden!)

Wêr tinkst mei nocht oan werom?

Oan alles: Ik ha in prachtige jeugd hân en dat hat in goede basis west foar myn fierdere moaie libben.

Wat fynst de moaiste tiid fan it jier?

De maitiid, mar moai winterwaar is ek geweldich.

Hast noch winsken of woest fierder noch wat kwyt?

Carel tinkt djip nei... wol ik noch wat kwyt en winsken? Myn grutste winsk is einliks dat wy wer in echte winter krije mei iis. Wat soe it moai wêze dat wy genietsje kinne fan it winterwaar en wer moaie tochten ride kinne troch ús skildereftige Fryslân.

Dat is in moaie winsk fan in hiel tefreden mins(k). Bedankt foar dyn bysûndere ferhaal Carel... ik bedoel Carl Ernst Hugo (dy moaie namme moat wol bestean bliuwe hear Trientsje, Klaske, Anne en Jeltsje....!)



Annie

WIJKSCHOUW

Het is de bedoeling met een aantal bestuursleden van DB , en K. Knobbe dorpencoördinator en R. Zijlstra wijkbeheerder, een rondgang te maken door Nijemirdum en zaken die er spelen in de openbare ruimte aan de orde te stellen. Dit is een vervolg op de verleden jaar gehouden wijkschouw.

We kijken naar wat goed gaat, maar wat ook beter kan of eventueel opgelost zou moeten worden.

Het betreft onderhoud aan bestrating, lichtmasten, zwerfvuil, plantsoenen, maaien, riool, verkeersborden etc. Alles wat betrekking heeft op de openbare ruimte, en daar hebben we uw hulp bij nodig. Dus meld de dingen die in uw ogen verbeterd kunnen worden bij het bestuur van dorpsbelang. Half juni wordt de rondgang gemaakt dus meld uw opmerking tijdig. Zelf melden mag natuurlijk ook, dit kan via mailadres r.zijlstra@fryskemarren.nl of tel: 0620548535 of www.defryskemarren.nl/melding

Dorpsbelang Nijemardum

REFLECTERENDE HUISNUMMERS

Via onze dorpscoördinator K.Knobbe wordt er gevraagd naar de behoefte van reflecterende huisnummers . Dit om de zichtbaarheid van huisnummers van woningen in het buitengebied te verbeteren, m.n. voor de hulpdiensten (brandweer, politie en ambulance). In de voormalige gemeente Gaasterland-Sleat is deze actie al eens geweest maar heeft waarschijnlijk niet iedereen meegedaan. Dan is dit de kans om alsnog zo'n huisnummer, eventueel met recyclebaar paaltje, aan te schaffen. Om de kosten hoeft u dit niet te laten een reflecterend huisnummer kost € 15 en een paal(tje) € 5 . U kunt het plaatje natuurlijk ook (zonder paaltje) op de muur schroeven. Heeft u belangstelling? Geef dit door aan één van de bestuursleden van DB telefoonnummers staan in het Doarpsnijs.

Dorpsbelang Nijemardum

NIJEMARDUMER VOLLEYBALTOERNOAI 2017

It gersfjildsje fan de famylje Eppinga sil wer meand wurde en Klaas en Harmke ha it doarpshûs wer himmele dus wy kinne wer los.

Op tiisdei 20 en freed 23 juny sille wy ús jierlikse volleybaltoernoai wer hâlde. En dat alwer foar de 19^{de} kear! Elkenien dy ' t 15 jier of âlder is, kin meidwaan. Wy mikse de teams sadat der oeral likefolle manlju as froulju yn sitte.

Wy hoopje dat jim allegear wer meidogge sadat wy wer 9 teams meitsje kinne. Kosten € 2,50 te foldwaan op ' e earste spyljûn.

Noch efkes foar de dúdlikheid: ha jo foarich jier meidien? Dan dogge jo dit kear automatysk wer mei. Kinne of wolle jo dit jier NET meidwaan, dan sa gau mooglik ôfmelde by de organisaasje. Op syn letst 5 juny!!!! Ha jo foarich jier net meidien mar jo wolle dit jier WOL meidwaan, dan ek sa gau mooglik opjaan mar op syn letst 5 juny!!! En minsken dy ' t net sa sportyf oanlein binne: wy ha ek ferlet fan supporters, dus: Oant sjen op 20 en 23 juny!

De organisaasje:

Wieger Pietersma, Lyklamawei 61

Bauke Beukens, Hege Bouwen 2a

Wiepkje Holtrop, Lyklamawei 49

Coby Hospes, Lyklamawei 23



WA BIN IK?

By de foto fan foarige moanne stie: dit jonkje die wol hiel lang oer de basisskoalle....

No dêr hoegde men net lang oer nei te tinken. Dat moast fansels ús eigen Master Yme wêze , mar dat hy no op de foto like... nee echt net .

En sa is it ek. Nijemardum hat nammentlik noch in skoalmaster, ek yn de Omrin (it koe wol besmetlik wêze). Dit jonkje is Meindert van Rijs en hy hat mar leafst 40 jier op de basisskoalle húsholden.

Meindert is berne yn Grins mar ferhuze al gau nei Ljouwert.

Nei de kweekskoalle is hy yn 1971 begûn as ûnderwizer. Yn 1977 waard hy haad fan de katolike St. Ludgerusskoalle yn Balk.

Sûnt 2004 wenje Meindert en syn frou Margreet op Omrin 42.

Yn 2011 wie it safier en mocht Meindert út de skoalbanken.

It hie net folle skeeld of Meindert wie badmaster wurden. Gelokkich is dat net trochgien want 40 jier yn it wetter omdobberje dêr wurde jo ek sa romplich fan; mar swimme docht Meindert noch graach, krekt as op reis mei Margreet; se ha tegearre al hiel wat moaie plakjes op de wrâld besocht.

De sûkerbôle is diskear foar Gerben Zwart; hy wist as iennichste de oplossing fan dit fotoriedsel.



Dan no wer in famke.

Dit famke hat foar "pit" soarge...

Witte jimme wa dit is ?

Belje gau nei nummer 571889

Dat kin oant en mei sneon

Jantsje

ROMMELMERK

Op sneon 3 juny ha wy wer ús jierlikse rommelmerk. Yn en om it doarpshûs is der dan wer fan alles te keap. Op freed 2 juny kinne jim “de rommel” by de dyk sette. Fanôf 13.00 oere wurdt it dan ophelle. Alles wat net ferkocht wurdt, moatte we sels ôffiere nei it gemeentestoart, dus minsken: graach gjin stikkene meubels of smoarge matrassen oan de dyk, want dit soarte fan saken sille wy net meinimme! Sneon 3 juny binne de doarren fan 9 oant 12 oere iepen.

Yn it lêste kertier kinne jim in gemeentesek keapje foar 2 euro. As it oan ús leit goaie jim dy dan hielendal fol...

Oant sjen op 3 juny.

Groetnis, de lokaalferiening





*Ús heit kîn alles,
mar ús mem
docht alles.*

DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Rintsje Draaijer	Agrarische Dienstverlening Draaijer
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Arjan Hendriks	Garagebedrijf Hendriks
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

29, 30, 31 maaie, 1 juny	:	avond4daagse
3 juny	:	rommelmerk
20 & 23 juny	:	Nijemardumer Volleybaltoernoai
29, 30 juny, 1 july	:	doarpsfeest
20 septimber	:	ynformaasjejûn takomst Doarpshûs

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op woansdei 28 juny 2017

Let op! Yn july ferskynt der ek noch in doarpsnijs, mar yn augustus net, dan ha wy fakânsje!

KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 21 juny 2017

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: redaksje.doarpsnijs@gmail.com